

Bijlage VMBO-GL en TL
2014

tijdvak 1

Fries CSE GL en TL

Tekstboekje

In pûdfol snaffel- en hinnepoatechips

In protte bedriuwen wurkje mei smaakpanels. Chipsfabrikant Lay's lit de konsumint gewoan nije smaakjes betinke.

(1) Chipsfabrikant Lay's lit klanten út in tal ferskillende lannen al in jier of wat meitinke oer nije chipssmaken. Dat hat it bedriuw witten: de oprop fan dit jier hat allinne al yn Nederlân mear as 400.000 ideeën foar in nij smaakje opsmitten.

(2) "Wat wolst ek, der is in flink jildbedrach mei te winnen", neffens wurdfierder Japo Ouwerkerk. "Foar de winner leit der neist de eare ek in sjek klear fan € 25.000,- plus ien prosint fan de ferkeapopbringst fan it earste jier." Hoefolle oft dat krekt is, wurdt net sein. "Mar rekkenje mar op in flink bedrach."

(3) De trije Nederlânske finalisten fan dit jier binne fan 'e wike bekend makke. De chipssmaken dy't sy betocht hawwe, lizze letter yn de simmer yn de winkels. It publyk kin dêrnei op ynternet syn foarkar útsprekke. Yn 2010 binne yn de testperioade mar leafst seis miljoen pûden mei de nominearre chips-smaken fan dat jier oer de toanbank gien. *Patatje Joppie* waard destiids ta winner útroppen. De winnende smaak fan doe wurdt noch hieltyd goed ferkocht. De âlde, fertroude smaken *Paprika* en *Naturel* steane al jierren en jierren boppe-oan wat de ferkeapsifers oanbelanget, mar *Patatje Joppie* kin him wol mjitte mei alle oare smaakjes út it chipsrek yn de winkels.

(4) In protte ynstjoerde ideeën binne hast net út te fieren om't de foarstelde smaken net te meitsjen binne.

40 As dat wol mooglik is, dan wurde de smaakpoeiers foar de Nederlânske merk makke yn in bedriuw yn Naarden. Dat is in yngewikkeld proses. Neffens smaakmakker Bernard Bischoff bestiet in smaak út ferskate ûnderdielen: in basis fan sâlt en rysmoal, dan sûker en soer, griente en krûden, konsintrearre bûljon of bakte sipel, rookdielen en floeibere ekstrakten. Dêrby wol Lay's perfoarst gjin syntetyske stoffen of dierlike produkten yn syn chips brûke.

(5) De smaakwedstriid sil dit jier yn tsien lannen holden wurde. Trije jier ferlyn is (in jier foar de yntroduksje yn Nederlân) de kompetysje begûn yn Grut-Brittannië. *It Builders Breakfast* (Boufakkersmoarnsbrochje) waard doe de grutte winner. De chips smakken nei rikke spek, woarstjes, aai en wite beannen yn tomatensaus. Aparten hear, dy Britten. Mar it kin noch gekker! Yn Súd-Afrika wie de *Walky-Talky Chicken* favoryt. Dat heart lekkerder as it is: 'Walky' slacht op de poaten en 'Talky' slacht op de snaffel fan in hin... Oeral wurde chips iten, mar de foarkar is dus oer de hiele wrâld ferskillend.

70

nei: in artikel fan de GPD, Leeuwarder Courant, 28 july 2012

Tókke pap fôr ame

(1) It klinkt as in geheimtaal en it is hartstikke âlderwetsk, mar Immie Zijlstra (16) en Siska de Roos (16) behearskje it oerâlde Hylpersk goed.
5 De beide fammen út Hylpen binne der tige grutsk op en prate it mei gloede.

(2) De twa freondinnen prate meielkoar altyd yn de taal fan harren stêd. Freonen en klasgenoaten sjogge wolris wat frjemd op as sy harren sa ratteljen hearre. “Se fersteane ús net. Guon tinke dat wy Skandinavysk of in Dútsk dialekt
10 prate. Wy brûke in taal dy’t oaren net kenne.”

(3) By ‘ame en aete’ tinkst net fuortendaliks oan pake en beppe. En dat de fammen harren heit ‘fear’
20 neame, is ek net alledeisk. ‘Krot’ fine se ek in aardich wurd. Bernewein betsjut dat. ‘In tókken pap’ is in dikke tút en fine se immen mar in apartenien, dan neame se dy yn it
25 Hylpersk ‘in tókken êrpel’.

(4) Oant Immie en Siska nei de middelbere skoalle ta gienen, koenen sy gjin wurd Frysk prate. Dat hienen se net leard. Mar yn Koudum op
30 skoalle koenen se der net foarwei, laitsje de fammen. “Wy moasten wol Frysk leare.”

(5) As dochters fan echte Hylper memmen út echte Hylper famyljes, sit
35 de taal harren yn it bloed. Oer de skiednis witte se ek it ien en oar. “Hylpen wie altyd hiel bot isolearre fan de rest fan Fryslân. Der binne gâns ynfloeden fan oer see”, seit
40 Immie. Los fan de taal ûnderskiedt harren stêd him ek troch de histoaryske klaaiïnge en de typyske

skilderkeunst. It beskildere guod fine sy fet moai en de stofkes fan de
45 histoaryske klaaiïnge binne ek bêst cool. En as der feest is dan wapperje der gjin trijekleur- of pompeblêdflaggen, mar de griengiele Hylper flaggen. “Wy wenje net yn Fryslân,
50 wy wenje yn Hylpen.”

(6) Letter wolle de freondinnen it Hylpersk oan harren bern trochjaan. “Ek as ik hjir net mear wenje”, seit Siska. Dat Hylper âlden mei de bern
55 Nederlânsk prate is spitich, fine se: “De taal stjert dêrom al in bytsje út.”

(7) De Hylper taal is in fossyl, it is in ferstienne oerbliuwsel út it ferline. It dialekt dat allinne noch yn it
60 Iselmarstedsje brûkt wurdt, hat it swier. It Hylpersk liket op it Frysk, mar is dat perfoarst net. Mei *ai*, *èa*, en *è* en oare frjemde klanken liket it mei de eagen ticht somtiden mear op
65 in Skandinavyske taal of in soarte fan Dútsk. In eigen taal yn in lyts gebiet. Allinne echte Hylpers prate it.

(8) Sa’n 80 prosint fan de ynwenners ferstiet Hylpersk. Mar in lyts tal âlden
70 leart it de bern. Ut ûndersyk die bliken, dat dat tsien jier lyn by 21 fan de 50 húshâldingen noch wol it gefal wie, en it seach der doe ek net bêst út foar it Hylpersk. “Dat is noch
75 hieltyd sa”, neffens Gosse Blom fan de Fryske Akademy. Hy skreau yn de jierren tachtich fan de foarige ieu it *Hylper Wurdboek*.

(9) Taalkundigen fan de Fryske
80 Akademy meitsje ûnderelkoar wolris grapkes: neffens guon is dat wurdboek wierskynlik it lêste dat foar de taal dien is. Blom makket him soargen, mar is net sá pessimistysk.

85 “Yn Hylpen leit in goede taalbasis”,
seit er. “Alderen prate it dialekt en
jongeren sjogge hoe bysûnder oft dat
is. By de leagenbank op de haven
prate de measten noch Hylpersk.
90 Salang’t dat sa is, is it net fuort.”
(10) Nije oanwaaks is der amper. “By
de skoaljeugd giet it hurd achterút”,
seit Blom. “Op it skoalplein fersteane
se my hast net mear. Alden moatte
95 harren der sterk foar meitsje, sy
moatte striidber wêze en der wat oan
dwaan. Oars is it aanst fuort.”
(11) Hoe kin it dat sa’n âld dialekt der
lykwols noch is? Yn de santjinde en
100 achttjinde ieu tilde it yn Hylpen op fan
de kapteins, skippers, stjoerlju en
matroazen. De mannen setten yn ’e
maitiid mei harren mânske skippen
rjochting Skandinavië en Ruslân. Yn
105 ’e hjerst kamen se werom mei hout.
De lading waard ferhannele yn
Amsterdam en omkriten. De Hylper
float bestie doe út sa’n tachtich
skippen. Oan de kapiteinshuzen út dy

110 tiid kinst noch sjen hoe ryk oft de
hannelsstêd doe wie. Hylpen hie him
rjochte op de see en net op it achter-
lân. Op dat Fryske plattelân feroare
de taal nei 1800 flugger trochdat der
115 minsken út oare plakken yn Fryslân
kamen te wenjen, dat barde yn
Hylpen net. Sa bleau de taal be-
hâlden. Al generaasjes lang wenje
guon famyljes yn de stêd dy’t it
120 Hylpersk trochjouwe oan harren
neiteam.
(12) Gosse Blom is ien fan de mei-
oprjochters fan de *Stichting tot
Behoud van Immaterieel Erfgoed
125 Hindeloopen*. Der komt in spesjaal
aksjeprogramma. “Ta behâld fan de
taal sil de basisskoalle lesmateriaal
krije moatte en learkrêften sille
harren bewust wêze moatte fan it
130 belang om tiid frij te meitsjen foar it
Hylpersk. Boppedat sille âlden derby
belutsen wurde moatte. Dy hawwe in
hiel wichtige rol: sûnder harren ynset
wurdt it neat.”

nei: Elizabeth Vogelzang, Leeuwarder Courant, 1 septimber 2012

Snackkeninginne fan De Gaastmar

(1) Hast de helte fan silend Nederlân ken har: Tante Trien. De snackbar-hâldster fan De Gaastmar is in begryp en frituert al 44 jier fleurich troch.

(2) Om krekt kertier oer tolven triuwt Trienke van Netten (74) it lûk fan it snackhok by har yn de tún iepen. In grutte ploech roppige klanten blokkearret de dearinnende buorren fan De Gaastmar. It binne brúnferbaarnde jonges en famkes mei swimfesten en surfskuon oan, it hier troch de sinne ferblikke.

(3) De hiele moarn holden se mei de sylskoalle ta op de mar en no hawwe se sin oan wat. Om krekt te wêzen, oan in 'fette hap fan Tante Trien'. Dy har beppesizzer Trynke Gerritsma is der klear foar: se stiet te wachtsjen achter trije gleonhite bakken mei frituerfet as beppe Trienke oanwiist hokker ûngeduldich silerke as earste bestelle mei.

(4) Trienke beoorderet har snackbar al 44 jier yn in krap bemetten, ienfâldich houten hokje yn de tún. Sy begûn dêr ea út klearebare ferfeling mei. Har man Tjipke wie hiele dagen as iel- en snoekhanneler mei de frachtauto ûnderweis. No wie it wol sa dat Trienke trije lytse bern thús hie, mar dêr hie se gjin wurk fan. "Ik kaam fan in pleats en dêr wie altyd drokte. Thús wie it, dêrmei ferlike, oerdeis mar in deade boel." Sa ûntstie it plan foar 'in tintsje yn de tún'. Yn 1968 wienen der amper toeristen yn it doarpke oan it wetter en in kroket hie se noch nea bakt. "De earste dy't ik ferkocht, wie noch beferzen. Mar ik hie sa wol wat om

hannen. It is letter allinnich wat út 'e hân rûn."

(5) Trienke krige gelokkich help fan beppesizzer Trynke. In gouden span: tegearre rêde se linich mei de iene nei de oare bestelling. "In keale hamburger op in broadsje?" freget senior. Junior lit de flaubyt al yn it hite fet glydzje en leit it broadsje klear. Beppe rekkenet wilens ôf. Ut 'e holle. Yn twa oeren tiid helpe de froulju goed twahûndert klanten fan 'e holle magen ôf. Om healwei trijen hinne faget Trienke har yn it smoute patathokje it swit fan de foarholle. It kin noch sa drok wêze, sy lit har de kop net gek meitsje.

(6) "It is in hielien-ien, hear", seit Tjipke, dy't efkes om 'e hoeke kipet. "Se praat ek al aardich oer de grins, moatst tinke!" *Potatoes, chips, pommes, bitte schön, thank you, merci*, Trienke rêdt har der skoan mei. In jier of wat lyn hie se sels keninklike gasten. Doe't de trije Oranje-prinsen noch fan dy opslûpene jongbazen wienen en yn Fryslân it silen learden, hellen se geregeld in snackje by Trienke. Al sille jo har dêr net oer hearre. "Koe bêst sa wêze", seit se, "soks is privee." Tjipke gnysket wat, mar knikt dat it wol wier is.

(7) Ynstruktrise Lisanne de Vos fan sylskoalle *Het Stekelbaarsje* dy't foar it trettjinde jier yn De Gaastmar tahâldt, stekt de holle om 'e doar. "Tante Trien, mei ik wat drinken krije? It is foar de Stikels." Lisanne moat har mar rêde. "It is mar sa'n krûpyntsje en it rint as in tierelier", seit de ynstruktrise as se mei in

85 kratfol fris wer foar it ljocht komt.
“Trienke is in begryp by de
sylskoallen”, fertelt Jacob Weerman,
eigner fan *Het Stekelbaarsje*. “Se kin
mei de bern lêze en skriuwe.
90 Boppedat: de lekkerste iel hellest
hjr”, bewear er, wylst Trienke him in
amer sjipsop oanrikt. Dêr kinne
klanten harren fetlike ielhannen yn
waskje. “Sjochst it nearne oars sa.”
95 **(8)** Trienke twingt respekt ôf.
Omgong mei de jongerein soarget
derfoar dat se der nei al dy jierren
noch altyd aardichheid oan hat. “Sy
jouwe my wille. De jeugd is ôfgrysklik
100 earlik en ôfgrysklik leaf”, seit se fol

fjoer. Net in ferkeard wurd dêroer.
“Minne jeugd is der net, minne âlden
binne der wol.” De bern hâlde har
jong. Fytse mei oare grize froulju?
105 Dat is neat foar Trienke. “Ik moat der
net oan tinke. Ik haw it der sa
trouwens ek fierste drok foar; ik ha it
net iens oan tiid om te beprakkesear-
jen dat ik âlder wurd.” Oer ophâlden
110 wol se dan ynearsten ek neat hearre.
“Ik bin krekt lykas prinsesse Beatrix”,
seit se dêroer. De snackbarbazinne
is fan deselde jierren as de eardere
Keninginne. “Net ien wist wannear’t
115 hja dermei ophâlde soe en net ien wit
wannear’t Trienke dermei ophâldt.”

nei: Elizabeth Vogelzang, Leeuwarder Courant, 28 july 2012

Stach yn in slop jaske

(1) It jout allegear neat, it bliuwt in machtich moai boek: spannend en maatskippijkritysk, mei in ynnimmende haadpersoan, dy't foar de duvel
5 net bang is en de hearen politisy alle kearen wer te kakken set.

(2) Stach wol kening fan Katoaren wurde en neffens in dream fan syn omke Gervaas sil er it ek wurde. Dat
10 sinniget de seis reginten (mei klinkende nammen as Pardoes, Rjochtút en Suver) fansels lang net. Sa komt it dat sy de santjinjierrige jonge sân sawat ûnmooglike op-
15 drachten jouwe, yn 'e hope dat dy allegearre jammerlik mislearje sille. Dan kinne sy sels moai oan 'e macht bliuwe.

(3) Stach is it prototype fan de
20 fantasyheld. Sa'n ien is yn it earstoan meastal earm en ûnbelangryk. Faak binne heit en mem al jierren wei. Der komme fansels swierrichheden op syn paad, mar de held hat in goed
25 karakter en dêrneist jildt foar him in hege, magyske ropping yn it libben. Troch in yndrukwekkende syktocht kriget er hieltyd mear rom en oansjen om úteinlik al syn dreamen te
30 ferwêzentlikjen.

(4) No, sa fergiet it de haadpersoan fan *Kening fan Katoaren* ek: Stach syn opdrachten fiere him nei alle wynstreken fan it optochte lân. Hy is
35 sterk en moedich, oerwint al it kwea en alle tsjinslaggen en wit sa de geunst fan it folk te winnen. Op it lêste ein trout er mei it famke fan syn hert en wurdt er yndie kening, sa't wy
40 eigentlik fan it begjin ôf oan al wisten. Gau ferteld dus?

(5) Nee. Dêrmei dogge wy de masterlike fertelkeunst fan Jan Terlouw tekoart. Want wat jin
45 bybliuwt, is net it fluch fertelde, ienfâldige ferhaaltsje fan de simpele skyldknaap of keukenhelp dy't de machtichste man fan it lân wurdt. Wat yndruk makket, binne de
50 yngewikkelde problemen dêr't Stach hieltyd foar komt te stean. Stik foar stik hawwe se in djippere laach, dy't nei ús eigen werklikheid ferwiist. As lêzer tinke jo kear op kear: hoe moat
55 dy earme jonge dizze situaasje no yn fredesnamme wer oplosse? Hûnderten knappe koppen hawwe harren ommers de harsens al pinige om problemen as de Draak fan
60 Smook (luchtfersmoarging) en de Granaatapelbeam fan Wapenfjild (wapenynustry) de wrâld (hokker fan beide dan ek) út te helpen. Guont hawwe sels harren libben foar de
65 goede saak jûn. En dan sil sa'n jonge samar efkes...

(6) Jierren en jierren lyn haw ik it boek yn it Nederlânsk lêzen. It wie in Gouden Griffelknaller yn myn jeugd.

70 Mar hoewol't guon bylden en sfearsketsen my bekend foarkamen, koe ik my by it werlêzen yn it Frysk wier net mear yn it sin bringe hoe't Stach de problemen ek al wer oploste. Ik
75 ûndergie dus op 'e nij deselde spanning en fernuvering as eartiids.

(7) As ik de eagen tichtdie, seach ik sa wer de foarkant fan de Nederlânske edysje fan doedestiids.
80 Dêr stie in moaie print op fan Stach, mei syn swarte krollekop en syn koart read jekje, dy't op it punt stiet om fan

in hege tsjerketoer ôf te springen.
Dêr kin it donkere, wat knoffelich
85 foarmjûne omslach fan de Fryske
útjefte spitigernôch net oan tippe. Wa
moat dat suterige, nuvere mantsje
mei dy stoarmlampe yn fredesnamme
foarstelle? Dêr komt by dat it plestyk
90 fan it omkaft nei amper in wike nei
oankeap al begjint los te litten. Dêr
wurd ik dus net bliid fan: dy stoere
Stach yn sa'n slop jaske... kom no!
(8) Wol bin ik optein oer it
95 skitterjende ferhaal yn in poerbêste,
eigentiidske oersetting fan Ytsje

nei: Ate Grypstra, de Moanne 4, maaie 2011

Steen-Buwalda. En net te ferjitten oer
de útklapbere lânkaart fan Katoaren.
Dat heart in fantasyboek tsjintwurdich
100 te hawwen, no?
(9) Yn 2009 waard al oankundige dat
der plannen wiene om dit boek fan
Terlouw, krekt sa as *Oorlogswinter*
en *Briefgeheim*, te ferfilmjen. Yn
105 desimber ferline jier gie *Koning van*
Katoaren lang om let yn premjêre. In
moaie gelegenheid om it boek der
wer ris by te pakken. En dat kin dus
no ek yn it Frysk.

De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen. Het College voor Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.